

---

# Volkswagen



**Kollum**  
Jaap Krol

**I**t deart my bêst wol oan, dy kwestje om Volkswagen hinne. It automeerk dat jo it leafste is, is it automeerk dêr't jo as bern yn sieten – Kever, Golf, Polo. Ferjou my it swiere wurd, mar it hat alles te krijen mei 'identiteit'.

Dêrom earst in stikje skiednis. De Synode fan Dordt (1618), de Ofskieding (1834) en de Doleânsje (1889) wiene grutte barrens dy't ús naasje foarmen. Rûchwei hat it trije maat-skiplike groepearings oplevere: herfoarmen, grifformearden en iepenbieren.

Skaaimerke fan de sneinsbelibbing nei de yndustriële revolúsje wie it feit dat de herfoarmen in heal oere letter mei de tsjinst begûnen as de grifformearden, in gefolch fan de ferhâldings yn, op en om de buorkerij. Ik koe dus langer útsliepe, in feit dêr't ik de minsken fan Dordt en al dy oaren dêrnei noch altyd tankber foar bin.

Dêrmei is de stap nei hjoed makke, want it hjoeddeistige kin allinnich mar ferklearre wurde út it ferline wei. As wy dus yn ús grutske Volkswagen fia de grifformearde

preekhal nei tsjerke ta rieden, stienen se dêr: de Fords, Opels, de Fiats en al dy oaren. As hillige kij, dy't ek noch meisongen.

Ik wit net wêrom, mar ik fûn se net moai – net goed, better sein. Ik wist net wêrom't ik se net moai of net goed fûn, mar dat is ek it eigene oan in identiteit. Yn wêzen giet dy nerges oer en is it allinnich mar in middel om in posysje te bepalen.

Yn dit gefal myn konkurrinten op it skoalleplein. It griisde my ge-woan oan, al dy fjouwerkante bakken, dy't dy typyske grifformearde eigenskippen represintearren as sunichheid en deechlikheid.

Nee, dan Volkswagen, de auto fan it stylfolle ûntwerp, it sobere binnenwurk en de technyske per-

**Ik wist net wêrom't ik se net moai of net goed fûn, mar dat is ek it eigene oan in identiteit**

feksje, eigenskippen dy't echt hearden by herfoarmen. No koe ik dat op it skoalleplein net sa moai formulearje as no, it wie mear in kwestje fan noch hurder roppe as de oar.

Fansels haw ik ôfstân nommen fan dat gedachtegoed. Offisjeel op 1 maaie 2004, doe't de PKN in feit wie. Foar my binne alle auto's no gelyk. Iepenbier, oars sein. Auto = frede, sis ik.

Mar in identiteit jouwe jo net samar op. By eltse Golf of Passat dy't ik riden sjoch, tink ik stikem noch altyd: dêr hear ik by. Dêrom giet it my dochs oan. Erges haw ik it idee dat ik my identifisearre haw mei de grutste oplichter út de resinte skiednis. Ik haw dan ek it gefoel dat ik útlake wurd.

---

🔵 Jaap Krol is opgroeid yn Beetstersweach en wennet yn Grins. Hy is skriuwer. Sjoch ek: [www.jaapkrol.nl](http://www.jaapkrol.nl)